

As in breid yn 'e pronk,
sa seach ik de stêd fan frede,
dy't fan hearlikheid blonk
doe't hja delkaam op 'e ierde.
Strieljend ljocht nei alle kanten,
sinneglâns fan diamanten.
De gemeente fan de Hear
lânet hjir mei hear en fear,
as in breid yn 'e pronk.

In juwiel fan in stêd,
sil dy nije mienskip wêze.
Tolve nammen kinst dêr
op de tolve poarten lêze.
Jakobs soannen, fol fan wredens,
wurde pearls fan genede.
Jezus' freonen, alve_en ien,
lizze elk de earste stien,
in juwiel fan in stêd.

Like lang, breed as heech –
hillichheid yn folle bridte.
Ivich hûs, mei it each
is jo gevens al te mjitten.
Alle keningen op ierde
sille dêr har keunst oanbiede.
Nij Jeruzalem, jo glâns
is mei leafde yn balâns,
like lang, breed as heech.

Sels de himel is nij,
nei't de stjerrebylden foelen.
De destruksje foarby,
stiet de leafde as in koepel.
God sil hjir syn yntrek nimme
en de ierde streamt fol himel.
Yn 'e túnstêd fan de Hear
streamt it heil as in rivier,
sels de himel is nij.

Hy yn ús, wy yn Him.
O finale fan ferfolling,
Gjin fertriet krijt noch stim,
't libben komt ta syn bedoeling.
Babylon sil fallen wêze,
alles sill' Jo foar ús wêze.
Wy sill' mei ferheard geduld,
Hear, ús sêdzje oan jo byld:
Hy yn ús, wy yn Him.

tekst Ria Borkent – 'Als een bruid op haar mooist'
oersetting David de Jong
meldij Willem Vogel